

André Rienstra, de 'Peerdeslager út Snits'

Hy wie swier boud, op jonge leeftiid al troch it hier hinne, goed oan it gewicht, al rille gau der oerhinne en hast altiten glânzge it swit him op de keale plasse. Dat wie de Snitser keatser André Rienstra. As keatser stie er al op 16-jierrige leeftiid tusken Catrinus Werkhoven en 'Jonge' Jan Reitsma. In krachtpatser bûten it fjild sa't de keatswrâld foar him en nei him net faak wer meimakke hat. Mar ek in man dy't net sterk genôch wie om de minne gewoanten fan it rûge keatserslaach fan dy tiid te mijen.

Gjinien sil de Snitser op it keatsfjild ea sa neamd ha, mar de offisjele namme wie Andreas Rienstra doe't er op 20 july 1896 berne waard yn Snits. De lettere 'paardenslager' wie de soan fan IJsbrand Rienstra en Helena Hendrika Elzinga. Heit IJsbrand hie in slachterij, 'IJ Rienstra Paardenslager', sa stie op 'e gevel fan syn saak. Wa't in jeugdfoto fan IJsbrand Rienstra sjocht, soe hast tinke oan in njoggentjinde-ieuske Maurice Chevalier. In striehuudsje op, de snor, dy't moai omheech krolle, net in hierke lei dwers of ferkeard. De earmoed stie him net op de foarholle skreaun, sa't dat mei oare, betiden wat holeagige mannen wol it gefal wie. IJsbrand hie it dan ek rom yn dy dagen, oan sinten gjin brek. Wat letter yn syn libben wûn er ek noch de 100.000 yn de steatslotterij.

Soan André gie, wat berop oanbelanget, syn heit efternei, hy krige de slachterij troch erfenis. 'Eerste Sneeker Paarden-vleeschhouwerij A. Rienstra, Zuidend, bij de Waterpoort Sneek No 116', sa stie



De Slachterij. Foto Famylje Rienstra.

yn de advertinsjes. Ek André hie it yn syn jonge jierren wat sinten oanbelanget rom, op syn achttjinde jier ried er al op in motor. It slachtsjen fan hynders wie in swier berop, dat de bealch net mijde. 'Betiden moasten se fuort as der earne in hynder in poat brutsen hie. Dan waard it bist deasketten en moast it oan de heak. Us heit koe allinne sa'n bist oan de heak hingje', sa wit de 80-jierrige soan Johannes (Joop) Rienstra noch.

André Rienstra wie in foarse, foarljike jonge, dy't yn 1914 tegearre mei Keimpe Wieringa nei de grutte jongespartij yn Dronryp gie; in tredde Snitser wie net

te finen. Foaryn en foarbêst op, mei har twaën. De Snitser jongeskeatsers wûnen de earste priis fan 27 gûne. Dy prestaasje betsjutte dat André in jier letter wer in útnoeging krige foar Dronryp; no wie it in partij fan de 30 bêste keatsers fan Fryslân. Hy lotte by Catrinus Werkhoven en Tjeerd Wieberen Kooistra. De slachter wie noch mar in jonkje yn jierren, mar net yn bou: foars, breed en foarliik. Dochs bleau er it jonkje doe't er de herberch fan Dronryp binnenstapte. Hy fertelt yn 1939 oan Jan Durks van der Mei syn ferhaal: op de fyts út Snits wei en hy koe net in minske. 'Wat zat it my in de beenen, niet van dat endsje fietsen hoor, maar ik loof, it waren zenuwen!', sa fertelde André Rienstra. Catrinus Werkhoven fan Wytmarsum kaam op him ta mei de fraach: 'Bin jo Rienstra net?' 'Ja menhear Werkhoven', sa sei de Snitser skrutten. 'No, kom dan ris efkes mei, jonge', sa sei de kening-keatser. Sa kaam André Rienstra ta rêst, de senuwen ferdwûnen en it gie foar de wyn dy deis. Hy stie efteryn en om de priis gie it tsjin 'Jonge' Jan Reitsma, Germ Hoitsma en Sybren Kooistra. It waard 3-4 en 6-6 foar 'Jonge' Jan. Rienstra fertelt: 'Tink der om', sei Werkhoven, 'jo krije de bal, jongkeardel, mar slaen raek'. 'En ik sloech raak, over de touwen it veld uut. Twee spul gelyk; wy verloren de partij, mar ik zat met één slag in de beste kaatsers.' Dy twadde priis wie 75 gûne wurdich.

It útbrekken fan de Earste Wrâldoarloch yn 1914 gie net hielendal oan Nederlân foarby. Op it keatsen hat dy wrâldrúzje grutte ynfloed hân. In protte Belgen



Een Internationale kaatswedstrijd tussen Belgen en Friezen in het vluchtelingenkamp te Sondel in Gaasterland in 1915. Zittend, v.l.n.r.: Catrinus Werkhoven (Witmarsum), Rinse J. H. Brink (Oosterlittens), Sytze Abel Kooistra (Witmarsum), André Rienstra (Sneek) en Klaas Faber (Rauwerd). Liggend vooraan: Otto Postma (Makkum). Staand met de gestreepte shirts de Belgen met v.l.n.r.: J. Delhalle, Marcel Pouleur, Louis Neuray en rechts v.l.n.r.: Albert Decastieau, S. Halterman en Bruniël. De andere Belgen zijn Massard en Dethy. Foto: Kaatsmuseum.

kamen nei Nederlân en waarden 'geïnterneerd'. Ek yn Gaasterlân kamen Belgen terjochte en dêr sieten in pear hiele goede keatsers by. Ut Snits wei gie André Rienstra derhinne om te keatsen en sa moete er in lytse Belch, Albert Decastieau. Lyts fan stik, mar de man sloech de bal op dy partij yn Gaasterlân sa'n 92 meter fuort. Nei in skoftsje kaam de Belch yn Snits te wenjen, want hy krige dêr wurk by Steenhouwerij Van Wijk en André Rienstra waard syn fêste keatsmaat. In keats slaan die er net, ûnder de bal skikke en fuort, sa fertelde André Rienstra letter.

It makke neat út wa't by it perk Rienstra-Decastieau opsloech, Jan Vlietstra, Johannes Bosma (fan Bitgum) of 'Jonge' Jan Reitsma. Faak waard der in priis helle

en it ferhaal wol dat Rienstra dan steefêst efkes op de hannen stean gie. Want de man wie linich en die ek noch oan 'worstelen'. Mar hy hie wol mear eigenaardichheden. Syn soan Joop wit noch hoe't syn heit hong oan dy swarte want, nea in oaren hân as dy iene, want it brocht him gelok, sa tocht de drager. No is it in museumstik, opburgen yn in kastje, gjin tomme mear en allegearre triedsjes dy't it lear byelkoar hâlde moasten.

Yn 1916 wie Jan Vlietstra de opslagger fan de beide mannen op de PC. Yn de heale finale de iene Belch, Albert Decastieau, tsjin de oare, August van Lierde. Mar wat foaral dúdlik waard yn dizze partij, wie dat André Rienstra net echt in goede twadde opslach hie.

De krant skreau it moai op: 'Jammer dat Rienstra zoo veel bederft! Zoo raar behoeft het toch ook niet!' De mannen krije troch 'knoffeljen' fan de oaren noch in buordsje, mar dan is it foarby.

Op de PC yn 1921 'sneeft' de Snitser opnij foar de finale, mar in jier letter stiet er dan mei Johannes Bosma en Anne Smidts yn de finale tsjinoer Taede Zijlstra, mei de beide boeren Jan Heeg en Rinse Yetsenga. De lêsten hienen wol troch wêr't se wêze moasten, by de al wat âldere Anne Smidts yn it efterperk. Mar de man hâldt him goed oan't earsten gelyk. Dan siket Taede de foarynse Rienstra op, dy't twa kear op de seis in bal fuortslacht: 3-1 foar de Snitser syn partoer. 'Nu is voor Rienstra de kans op een enkelen bal verkeken; hij wordt te gevaarlijk', sa skriuwt de krante. Dochs binne de partoeren oan elkoar weage, mar op 5-5 en 6-4 kin Smidts de keats net foarby.

It wie André Rienstra fjouwer jier earder better fergien op in oare grutte partij, de Bond fan 1918. It wie op dy pinkstermoandei in thúswedstriid, want de Bond waard yn Snits ferkeatst. Jan de Vries en Jacobus Jillings wienen syn maten. De earste sloech foarbêst op, de lêste lei dikke keatsen en de slachter wie net in bal fertroud foaryn. Yn de finale moast Snits tsjin Frjentsjer, mei Machiel Miedema, Jan Vlietstra en Nanning Staalstra. It waard 5-5 en Snits kaam efter mei 6-4. André Rienstra sloech boppe en Miedema moast opslaan. 'Niet slaan Kobus', sa raasde Rienstra en de bal foel bûten.



André Rienstra wûn de Ynternasjonale PC fan 1923 (acht partoer Friezen en Belgen) mei Johannes Bosma en Ids Jousma. Foto: Famylje Rienstra.

De PC soe er nea winne en dat siet him syn libben lang dwers. Wol de Bond, wol de Internationale, wol de Aldehou en hy wûn yn 1916 in gouden medaille op de Nationale Olympische Spelen yn Amsterdam. Prins Hendrik spjelde him de medaille op it boarst, der binne net in soad dy't Rienstra dat neisizze kinne. Ien partij springt der út yn syn ûnthâld, yn Holwert wie syn moaiste partij, sa fertelde er yn 1960 noch. Hy kaam mei fjouwer medailles thús. Ien foar de priis, ien foar de measte boppeslagen, ien foar de fierste boppeslach en in gouden medaille fan 'Oeds Steensma, hotelhouder te Holwerd' as bêste spiler fan de dei.

Grouwe prizen wienen it yn dy tiid. Sa wûn André Rienstra yn Bitgum yn 1923 op de Internationale de priis, dy't bestie út 150 gûne. In ferhaal mei in nuvere oanloop. De jûns betiid op bêd, sa wie it doel. Mar yn de Hommerts hie in hynder in stikkene poat en dy moast ophelle wurde, dus waard it noch nachtwurk.

André Rienstra wie in gruttenien yn de eagen fan opkommende keatsers. Klaas Kuiken hat it keatsen fan him leard. Mar de Bilkert fernuvere him ek om dy sterke Snitser: 'Most rekene, hij hoefde noait in de handen te spoien. Even de hand deur de nek en 't kon weer angaan.' Doe't it spuien yn 'e hannen in skoftsje ferbean waard, giene de keatsers efkes by André del, hellen de hannen oer de keale plasse en klear wie it. Ids Jousma wie ek in opkommend keatser. 'Soo't jo segge, soo sal ik wel doen', sa sei lytse Ids. Faak kamen de keatsers by IJsbrand en Helena foar

in sliepplak as it keatsen wie yn Snits. It wie in goed plak, want beppe Helena hie altiten in protte woarst. It wie yn de tiid dat Circus Roberti yn de Snitser Harmonie foarstellingen joech, mei Hans Siegfried as attraksje. Yn *Het Sneeker Nieuwsblad* stie: 'Het slot van de avond werd gevormd door de werkzaamheden van Hans Siegfried, de man met de ijzeren ribben. Deze atleet beschikt over een werkelijke reusachtige kracht. Hij werkt met halters van ruim 150 K.G. Hij buigt een staaf ijzer tot een spiraal en slaat met z'n handen een groote spijker door een 5 c.m. zware plank. Als laatste nummer werd het volgende vertoond: met aan iedere pols een lus wordt de atleet aan twee auto's verbonden, de motoren worden aangezet maar hij houdt beide wagens vast en trekt ze met zijn gespierde armen naar zich toe. Hedenavond zal, blijkens advertentie in dit blad, de heer A. Rienstra met Hans Siegfried worstelen.'

Joop Rienstra ken it ferhaal noch. Neffens him koe de man mei in stik tou tusken de tosken in frachtwein tsjinhâlde. It tou waard oan de efterein fan de fracht-auto bûn en dan besocht de sjauffeur fuort te riden ... 'Beppe Helena stie dy jûn yn de doar te wachtsjen oant de mannen weromkamen fan it wrakseljen. 'En hoe is't gaan?' 'Dy kearel syn bonken kreaken deroer, André hat it wûn hear', sa seinen de mannen.' 'Der waard wolris sein dat ús heit him betiden mei sin oppakke liet troch de plysje. Ien kear op it buro die er dan syn keunstje. Mei ien hân sette er in plysjeman mei stoel en al sa op it buro en dat liet er graach sjen.'

Sa sterk as er op dat mêd wie, sa wie er net yn oare saken. De keatsers fan doe namen wolris ien, ek wolris mear as ien. Om de sinten hoegden de mannen it net te litten. In krante berekkene fan André Rienstra dat er yn 12,5 jier keatsen goed 2.000 gûne byelkoar slein hie. Dêr komme nochris in tweintich 'verg. zilv. medailles' by. 'Us heit hie in kweade dronk', sa seit Joop Rienstra. Doe't er letter sels te keatsen gie, hearde er wolris yn it kafee: 'Jim heit hat hjir hiel wat oanrjochte' en dat wie fansels net aardich om te hearren.

'Alles wat sacht is oan bisten, kinst opite', sa wit de yn 1932 berne Joop Rienstra noch. De grutte keatsjierren fan syn heit wienen doe al foarby, ek de sinten wienen net sa rom mear foarhannen. It wie klearebare earmoed by de Rienstra's. It pilske joech wolris spanning yn de húshâlding, dat fernamen de bern wol. André ferkocht yn dy jierren gauris prizen om wat sinten om hannen te hawwen. Want syn grutte jierren as keatser wienen nei 1929 ôfrûn. Hy naam dat jier mei seis punten ôfskie. Gjin grutte ferhalen dêrnei oer earder tiden: 'Us heit prate thús noait oer it keatsen.'

Nei de oarloch, doe't de bern fan André Rienstra útflein wienen, kaam er as pake faak del op it brommerke. Pakesizzer Rudy Rienstra wit noch dat er yn de jierren fyftich delkaam as er op bêd moast. Steefêst krigen sy in muntsje foar it deljaan. André gie dan wer fuort op de brommer, mar efkes letter stie er

wer foar de doar, fol soarch, mei de fraach oft it muntsje net yn de kiel stykjen bleaun wie.

Yn 1966 siet er dea yn de stoel, foarby wie it libben fan de 'peerdeslager út Snits'. In keatser dêr't Jan Rodenhuis ea oer skreau: 'Hij kende tussen de toppen wat te veel dalen, maar zonder ravijnen en hellingen zijn er geen bergen in het landschap.' En dat wie net allinnich op syn keatsen fan tapassing.

Puntetotaal: 229	2 x kening (Holwert en Aldehou)	Bûnswedstriid: 1ste (1918);
37 x 1		PC: 2 x 3de (1916, 1921),
37 x 2		1 x 2de (1922).
44 x 3		

Rynk Bosma

Boarnen

Knipsel- en famyljeboek Joop Rienstra, argiven LC en *Sneeker Nieuwsblad*, 'Tussen Touwen en Tribunes' fan Jan Rodenhuis, 'It keatsen yn Fryslân. Keningen fan nou en eartiids. André Rienstra' fan Jan Durks van der Mei, jubileumboek *Een eeuw kaatsen in Sneek* (novimber 2000).